

Mal foar it oanleverjen fan jierferslachgegevens oangeande wurkferbannen fan de Fryske Akademy

JIERFERSLACHGEGEVENS OER IT KALINDERJIER 2017 FAN de

Wurkgroep Maritime Skiednis

DOELSTELLING:

Befoarderjen fan de studzje nei – en de belangstelling foar de maritime skiednis fan Fryslan.

BESTJOER

Foarsitter	Rob Leemans
Skriuwer	Jelle Jan Koopmans
Leden	Hanno Brand, Siem van der Woude en Jan de Vries
Binne der yn 2017 bestjoersleden ôftreden?	Nee
Sa ja, wa en yn hokker funksje?	
Binne der yn 2017 nije bestjoers-leden beneamd?	Nee
Sa ja, wa en yn hokker funksje?	
Wienen der op 31 desimber 2017 fakatueres yn it bestjoer? Sa ja, hokker?	Nee

LEDEN Wurkferbân / Wurkgroep

Tal leden op 1 jannewaris 2017	48
Tal leden op 31 desimber 2017	49
Talittingsbetinksten	

AKTIVITEITEN

Lêzingen / gearkomsten		
Datum	1.	08-03-17
Sprekker	Rob Leemans	
Titel fan de lêzing	It wurk fan in skipssjirurg yn it VOC tiidrek	
Opkomst (tal leden en oare gasten)	15	
Gearfetting (maksimaal 15 regels)		
<p>'Kreupelen en blynen lit jo ferbine, boppe by de grutte mêst kinne jo de master fine' De skippen fan de VOC wiene yn it algemien 40 a 50 meter lang en hiene plak foar 200 oant 300 man. Minne ferbliuwen, minne hygiëne, bedoarn iten en drinkwetter, ûnfoldwaande rêst, ungmakken oan board en seegefjochten soargen foar in sykte fan 20 oant 30 prosint. Skipssjirurgy waarden faak ynset om't doctoren te djoer wiene. No wie it net sa dat de skipssjurgjin gjin oplieding hân hie. Hy krige in oplieding yn de praktyk wêrby hy ek fjouwer jier staaize rinne moast. In soad foarkommende ziektes oan board wiene skuorbuk feroarsake troch in tekoart oan fitamine c en beriberi troch in tekoart oan fitamine b. Yn 1747 kaam in Ingelske marinearts der efter dat it drinke fan sitroensap slim holp by de bestriding fan skuorbuk. Ek fûn men yn dizze perioade út dat mei it iten fan soerkoal skuorbuk foarkomme wurde koe. Njonken dizze syktes dy foarkwamen út in fitaminetekoart wie der faak sprake fan geslachtssyktes. Dizze syktes besocht men faak te genêzen mei kwik of hite oalje. Nettsjinsteande dat dizze metoades in lyts bytsje holpen binne dizze noch lang tapast. Foar behandeling fan flektyfus en dysentery waard faak gebrûk makke fan primityfe metoades lykas ierlitte, laksearje of in switkuer. Dêrby waard de pasjint mei in soad tekkens yn in tsjuster hol by it kabelgat ûnderbrocht wêrtroch dizze flink switte gie. Ek by bestraffingen lykas geseling en kielhelje wie de sjirurgyn oanwêzich. Wannear it kielhelje yn de breedte fan it skip plakfûn hie it slachtoffer</p>		

<p>noch kâns te oerlibjem. It meast effisjint wiene de sjirurgyns dêr wêr't it gie om oerflak kige yngrepen lykas it ferbinen fan wûnen en it setten fan bonken. It byld fan de skipsjirurgyn yn tsjinst fan de VOC is noch al negatyf. Dit is net yn alle fallen terjochte, sy hiene wol deeglik in goede oplieding mar moasten wurkje mei de kennis en middels fan de medyske wittenskip yn har eigen perioade.</p>		
Datum	2.	08-03-17
Sprekker	Jan de Vries en Jelle Jan Koopmans	
Titel fan de lêzing	Partenbesitters skipsboek Hempenius (1715 - 1718)	
Opkomst (tal leden en oare gasten)	15	
Gearfetting (maksimaal 15 regels)		
<p>It skipsboek Hempenius jout in nijsgjirrich ynsjoch yn it personiel en de eigeners fan de fluitskippen yn Hylpen yn dizze perioade. In soad fan de besitters fan de parten yn de skippen wennen yn Amsterdam. Dit wiene yn it algemien rike keaplju en makelers dy saken diene op de bestimmingen wêr de skippen op fieren. út ús ûndersyk is bliken dat in hiel oantal fan dizze partenbezitters in Fryske eftergrûn hie. Mooglik hawwe dizze Fryske makelers en keaplju yn Amsterdam as in oanjeier fan lokale Fryske skippers fungearre. By it sjen fan guon nammen fan Amsterdamske partenholders leit in relaasje mei Fryslân slim foar de hân. Dit is bygelyks hiel dúdlik it gefal by Andries Pieters van Stavoren. Hy wie partenbesitter yn in hiel oantal skippen yn Hylpen. Lykas de namme al suggerearret wie in fan syn foarâlders in suksesfolle skipper en boargemaster fan Starum. Ek by oare nammen as Douwe Wiggerts, Abe Eelkes Reinders, Sibren van Workum, Trijn van Popta of Igle Aukes leit in relaasje mei Fryslân direkt foar de hân. Fan oare famyljes lykas bygelyks de famylje Scholten fan Aschat is dit net direkt dúdlik. Dochs blykt dat ek dizze famylje oer Fryske foarâlders te beskikke. Har foarfaar Hendrik Agges wie lykas Andries Piter in suksesfolle skipper út Starum. Dat jilde ek foar de keapman Georg Bruyn wêrfan de foarfaar Jelle Tjebbes him as makelder festige yn Amsterdam. En sa binne der noch gâns oaren. By it neigean fan dizze famyljes wurdt stadichoan in nijsgjirrich netwurk fan keaplju sichtber. Dizze keaplju hearden oant de top fan it ekonomysk libben yn Amsterdam en holden harren dwaande mei alle ferskillende fasetten fan de skipfeart yn Amsterdam. Dat wol sizze de Europeeske handel, de VOC, de WIC en de walfiskfeart.</p>		
Datum	3.	07-10-17
Sprekker	Bauke Jansen	
Titel fan de lêzing	Heaskippers ut Sudwest Fryslan	
Opkomst (tal leden en oare gasten)	13	
Gearfetting (maksimaal 15 regels)		
<p>Bauke Jansen syn belangstelling foar heaskippers is ûntstean troch de famyljeskiednis. Oant 1835 hat syn famylje bestean fan de heahannel. Sa bestiende der om 1800 trije broers dy gearwurken. Ien makke it hea yn Fryslân, in oar brocht it fan Fryslân nei Amsterdam en de tredde wenne yn Amsterdam en ferkocht it dêr. De beide Fryske broers neamden harren Jansen, de Amsterdamske broer de Vries. Oer heahannel en heaskippers is ferassend genôch in lyts bytsje bekend. Yn ferskillende literatuer oer de ekonomy fan Fryslân wurdt it net neamd. Nicolaas Ypey (heechlearaar 'wiskunde en vestingsbouwkunde' oan de Frjentsjer akademy yn 1781) besteedde wol oandacht oan dit ûnderwerp. Hy nimt 1720 de bloeitiid fan de heahannel en nimt Makkum en Schraard as stapelplakken. Ek nimt hy in oansjenlik keapman dy't yn 1756 mei 700 skipsladingen hea binnen in jier omtrint 125.000 gûne fertsjinne troch de eksport nei Vegesack oan de Weser, foar de karfoarst fan Hannover. Dizze soe letter de Britske troan ynnimme. Fan hea is bekend dat it brangefaarlik is. Der binne in soad berjochten oer heabroei by boerepleatsen bekend, mar ek wilens it transport gie it geregeld mis. Sa binne der berjochten oer skipsbrannen op heaskippen. Fanwege de</p>		

brangefaarlikheid wiene de fersammelpunten fan hea ek nea yn de binnensted. Hea tsjinne as hynstefoer. Yn in stêd as Amsterdam waarden soad hynders brûkt foar transport en wie dus ek soad hea nedich. Dit waard benammen fanút Fryslân, mar ek út oare gebieten (Kamper eilân, Maasdeltagebiet). Mei de ferkeap fan hea waard goed fertsjinne. In soad boeren ferkochten te folle hea en kamen yn de winter yn de problemen om't sy te min foar harsels bewarre hiene. Dêrom ferbea de provinsje geregeld de ferkeap fan hea bûten de provinsje. Yn de kwotisaasje fan Fryslân út 1748 komme 26 heaskippers foar: acht yn Heech, fjouwer yn Schraard, fjouwer yn Makkum, trije yn Parrega en sân yn Boalsert. Dus allegear yn de Súdwesthoeke fan Fryslân. It lân wie dêr hiel gaadlik foar it ferbouwen fan hea en minder gaadlik foar bou. It skipstype dat brûkt waard foar it transport fan hea falt ûnder de binnenfeartskippen. It gie om in smel skip, op syn heechst 15 foet wiid. It skip falt ûnder de tsjalken en is meastal in ienmaster mei in strykbere mêst dy op it dek stie. It skip wie gaffeltuge. Fanwege de deklast wie de giek mar in spriet, sadat by oerstag gean it grutsyl der maklik oerhinne lutsen wurde koe. Dat heaskipper in oansjenlik berop wie blykt ek út de grefsark fan de heaskipper Seerp Piters yn de Martinikerk yn Boalsert.

Sympoasia		
Datum en lokaasje	1.	21 jannewaris 2017 Maritieme Academie Harns
Titel		1666 De ramp op it Flie en Skylge.
Doelstelling		Befoarderjen fan de studzje nei – en de belangstelling foar de maritime skiednis fan dizze ramp en de Waadeilannen yn it algemien. Reklame foar de wurkgroep.
Sprekkers en titel bydrage		Paul van Royen, Adrie van Vliet, Anne Doedens, Jan Houter, Jaap de Kam, Frans Breukelmans en Jaap Rommelse
Opkomst (tal leden en oare gasten)		100
Gearfetting (maksimaal ½ A4)		

Foarsitter Rob Leemans joech oan dat it idee foar it symposium ûntstie nei oanlieding fan de fraach fan de histoary Anne Doedens en Jan Houter om oandacht foar dizze ramp yn 1666 en de maritime skiednis fan de Waadeilannen yn it algemien. Direkteur Arjen Mintjes fan de Maritime Akademy wie bliid wer gasthear fan dit symposium wêze te meien en fertelde folgjend jier it 200 jierdei bestean fan it seefartûnderwiis yn Harns fiere te wollen. De earste spreker wie Paul van Royen en hy fertelde oer it grutte belang fan de Flie en Texelstroom foar de Nederlânske keapfardij. De ramp op it Flie yn 1666 wie in dramatysk barren wêrby 140 skippen yn brân stutsen waarden. De ekonomyske fearkrêft fan de Republyk wie lykwols sa grut dat de skea op de lange termyn beheind bleau. Adrie fan Vliet fertelde oer de marineorganisaasje. De wichtichste taken fan de marine of admiraliteit wiene de opbou en it ûnderhâld fan de oarlochfloat en de beskerming fan hannel, fiskerij en de kustgebieten. Op it fatale momint yn 1666 leine de skippen fan de admiraliteit foar ûnderhâld yn Vlissingen. Dit joech de Ingelsken frij baan yn it Noarden fan it lân. Jaap de Kam sette op in oersichtlike manier de trije Ingelske see-oarloggen út de santjinde ieu op in rige. De ramp op it Fly en Skylge foel yn de twadde Ingelske oarloch (1665-1667). Dizze oarloch ferrûn wikseljend foar de Republyk. Sa waard de fjouwerdaagse seeslach wûn en wie der de suksesfolle tocht nei Chatham, mar der wiene by de slach by Lowesoft, de twadde seeslach en de brân op it Flie en Skylge ek grutte ferliezen. De histoarikus Anne Doedens levere dêrnei it bewiis dat de tocht nei Chatham wraak wie foar de brân op it Flie en Skylge. Hy soe graach sjen dat dizze ramp yn de nasjonale kanon opnommen waard. Fierder fertelde hy oer it grutte belang fan de eilannen foar de hannelsfeart, sa kamen op in bepaald momint 25 prosint fan de skippers út de Republyk yn de Sontfeart fan Flylân. De Skylger dominy Frans Breukelmans fertelde oer syn foargonger Johannes Grevenstein. By de brân op West-Terschelling kamen fjouwer minsken om it libben en waarden op de tsjerke, de Brandaris en it riedhûs nei alle gebouwen ferwoaste. Dominy Grevenstein sette mei faasje út ein om jild yn te sammeljen foar de weropbou. Oant slot fertelde Gijs Rommelse oer it Ingelske en it Nederlânske perspektyf op dit barren. Neffens de Ingelsken wie de ramp op it Flie en Skylge in rjochtfeardige straf fan God foar de ûntankbere Nederlanners. Sa wiene sy ûnder mear ûntankber foar de Ingelske help oan de Republyk yn de tiid fan de opstân. It symposium, dat troch rom hûndert minsken waard besocht, waard gesellich ôfsletten mei in buorrel (under begelieding fan akkordeonist Wiebe Steenaart) en buffet.

Datum	1.	Jannewaris 2017
Namme tiidskrift of útjouwerij		Historisch tijdschrift Fryslan
Auteurs en artikels		Anne Doedens, 'De ramp van 1666: de republiek in crisis?' p14-17 Frans Breukelmans, 'De reddingsactie van dominiee Johannes Grevenstein', p18-21
Titel fan de publikaasje		'Een Hindelooper zeereis.'
Tal siden		7
Koarte omskriuwing thematyk doel publikaasje		
Publikaasjes fan sprekkers op it Symposium fan 2017		
Eksjurjes		
Datum	1.	07-10-17
Reisdoel		Earmehus Boalsert
Gids gastsprekker		Bauke Jansen
Opkomst (tal leden en oare gasten)		13

Koart ferslach		
<p>Bauke Jansen fertelt earst oer de skiednis fan it earmhus yn Boalsert. It earmhus is untstean út de erfenis fan Hendrick Nannes en Catrijn Epes. Sy libben yn Boalsert om 1500. Hendrick Epes wie keapman en lid fan de froedskip. Hy wie troud mei in frou út in begoede famylje (de Hottinga's út Nijlan). Catrijn ferstoar yn 1513 en Hendrick gie fuort yn 1515 nei Amsterdam. Warskynlik hie dat te meitsjen mei de ûnrêstige situaasje yn de stêd Boalsert op dat momint. De stêd waard yn dit jier earnestich troffen troch plundering en branstichting fan de Swarte Hoop. Yn 1524 ferstoar Hendrick Nannes yn Amsterdam mar kaam syn belofte nei. Syn hûs yn Boalsert waard ynrochte as earmhuis. Ek liet hy in grut diel fan syn besittingen oan it earmhuis nei. Of Hendrick Epes aktyf wie as heaskipper is ûnbekend. Wol is dúdlik dat hy soad hannel die mei Amsterdam en it is net unoannimlik dat hy dêr Fryske keapwaer as suvel of hea oanbracht. Oant 1980 hie it earmhuis yn Boalsert tsien boerepleatsen en 250 hectare grûn. Yn dat jier binne de boerepleatsen ferkocht om't de modernisearing soad ynvestearringen fregen. It lân wurdt troch de stifting ferpacht.</p>		
Oare aktiviteiten (bygelyks útfieringen musikologysk wurkferbân)		
	1.	
	2.	
	3.	

FINÂNSJES

Totaal útjeften yn 2017	€	
Spesifikaasje útjeften:		
- Bestjoerssaken	€	0
- Gearkomsten	€	0
- Lêzingen	€	0
- Sympoasia	€	900
- Publikaasjes	€	0
- Ekskurzjes	€	0
- Oare saken	€	0

BYSÛNDERHEDEN/OPMERKINGS/WINSKEN
